

Tryater is it meartalige teaterselskip fan Fryslân en makket diel út fan de lanlike kulturele basisynfrastruktuer. We spylje goed 270 grut- en lytsskalige foarstellingen yn it jier, foar sa'n 25.000 besikers: bern, jongeren en folwoeksenen. Mei Ljouwert as útfalsbasis sjochst ús yn hiel Fryslân en ek dêrbûten. Yn teaters en doarpen, yn skoallen en op lokaasje. We bringe nije ferhalen, ticht op de hûd fan ús publyk. Mei alle ûnderfining dy't we sûnt ús oprjochting yn 1965 opdien hawwe en mei alle ynspiraasje en enerzjy fan it jonge talint dêr't we mei wurkje.

Om it team te fersterkjen siket Tryater in produksjemeiwurker. Dy wurket gear mei de produksjelieder en haad produksje & technyk.

TAKEN EN FERANTWURDLIKHEDEN

Hâldst dy dwaande mei ûnder mear:

- it opstellen fan repetysjeplanningen en draaiboeken;
- it trochgeand ynformearjen fan en kommunisearjen mei akteurs en it artistike team;
- it plannen, bywenjen en notulearjen fan produksjegearkomsten;
- it winnen fan frijwilligers en figuranten;
- it regeljen fan rekwisiten.

De taken en ferantwurdlikheden hingje altyd ôf fan de aard en grutte fan in projekt. Dat makket it wurk hiel ôfwikseljend en dynamysk

DYN PROFYL

- Hast (wat) relevante wurkûnderfining en/of in relevante oplieding
- Bist assertyf, iepen en kommunikatyf
- Witst prioriteiten te stellen en oersjoch te hâlden en bist yn steat rêst te bewarjen yn komplekse situaasjes
- Tinkst altyd tsien stappen foarút
- Bist fleksibel: bist ree om yn wykeins en jûns te wurkjen
- Bist yn it besit fan in rydbewiis B

Foldochst net oan alle easken, mar tinkst dat we dy hawwe moatte? Dan nûgje we dy ek fan herte út te reagearjen.

Mei ús foarstellingen sprekke we in brede doelgroep oan. Dêrom sjogge we diversiteit ek graach werom yn ús personielsbestân. Wurkje yn ferskaat gearstalde teams makket ús effektiver, ynnovativer en it wurk aardiger.

WAT BIEDT TRYATER?

Wy biede in ynspirearjend wurkplak mei trochgroeimooglikheden yn de takomst. Tryater is in dynamyske organisaasje, mei noflike kollega's en in ynformele wurksfear.

De funksje is foar trije dagen yn de wike, de dagen datst wurkest binne yn oerlis. Tryater hantearret de CAO Theater en Dans, de funksje fan produksjemeiwurker falt yn skaal 5. Dat betsjut datst foar trije dagen yn de wike tusken de € 1.389,- en € 1.848,- smoarch de moanne fertsjinje silst. We bied in kontrakt foar in jier mei by goed funksjonearjen sicht op ferlinging en op termyn in fêste oanstelling.

Bist entûsjast wurden nei oanlieding fan dizze fakatuere? Stjoer dan foar 22 novimber 2021 dyn cv mei koarte motivaasje nei info@tryater.nl. Foar fragen oer dizze funksje kinst kontakt opnimme mei Amarins Jansma fia a.jansma@tryater.nl